

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes
Underwerp	Kurrikulum.frl
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Minister Dennis Wiersma fan OCW hat op 4 april 2022 in brief kenmerk 32292669 nei de Twadde Keamer stjoerd oer it projekt Curriculum.nu foar it fundearjend ûnderwiis.</p> <p>It Fryske Kurrikulum.frl ûnderwiistrajekt is keppele oan it lanlike Curriculum.nu trajekt. Der is al gâns tiid, jild en muoite stutsen sawol yn it lanlike as it Fryske Kurrikulum.</p> <p>De minister wol in punt sette efter it tiidslinende 'grootse en meeslepende' proses fan de lêst jierren, dat feitlik útrûn is op in grut praatsirkus. It soe mei de ûnderwiisherfoarming ta moatte op in mear praktyske oanpak mei periodyk curriculum-ûnderhâld yn stee fan grutte yngrepen. Werom nei de basis is no it biedwurd.</p> <p>De nije ynset fan it regear hat gefolgen foar de kearndoelen en 'boustiennen' yn ûntwikkeling, foar de rinnende examenprogramma's, de plening en de gearwurking en ynbring fan de profesjonals.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wat betsjut it foar it Fryske Kurrikulum.frl ûnderwiistrajekt? Plening, keppeling mei lanlik trajekt, finânsjes, ynset fan Provinsje en ynhierde organisaasjes?2. Hoe reagearje de belutsen eksterne organisaasjes, it ûnderwiisfjild? Binne der reaksjes of soargen, sa ja hokker?3. Wat betsjut dit foar it rinnende Taalplan Frysk 2030?4. Wat betsjut dit foar de al ûntwikkele 'boustiennen' foar it Frysk?5. Wat betsjut dit foar it trajekt fan de nije kearndoelen Frysk dy't PS fêststelle moatte?6. Wat betsjut dit foar de rinnende eksamenprogramma's Frysk?7. Hoe wolle jo PS fierder belûke en op de hichte hâlde fan dizze nije ûntwikkelingen?
Yntsjinner(s)	FNP, Sijbe Knol
Datum	6 april 2022